

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens (rekreaasje), Douwe Hoogland (wetter)
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn in opiny yn de LC fa 15 augustus, skriuwe Kirsten van Santen en Elsie Jorritsma oer de oanbefellings fan de wurkgroep wyldswimmen¹ dy't der oan sitte te kommen. Neffens Trouw² sil dy wurkgroep, opset troch it Ministearje fan Ynfrastruktuer en Wettersteat en besteande út it RIVM, Rykswettersteat, gemeenten en wetterskippen, ein dit jier komme mei in 'wegwijzer'. Dêrmei kinne guon plakken feiliger makke wurde, mar op oare plakken wêr't dat net kin soe dan in swimferbod komme kinne.</p> <p>Van Santen en Jorritsma binne benaud dat de oerheden út eangst foar oanspraaklikheid de hjoeddeiske situaasje aanst feroarje sille; yn stee fan dat it tastien is te swimmen salang't it net ferbean is, soe it dan allinne mar swommen wurde kinne op plakken dy't dêr foar oanwiisd binne.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it kolleezje fan Deputearre Steaten it mei de FNP Steatefraksje iens dat de mooglikheid om yn it Fryske wetter swimme te kinnen, belangryk is foar de rekreaasje? <p>Op de offisjele swimplakken dy't oanwiisd binne troch de provinsje jildt in posityf of negatyf swimadvys³ en op guon bysûnder gefaarlike plakken jildt in swimferbod. Op alle oare plakken jildt dat no net en kin swommen wurde.</p> <ol style="list-style-type: none">2. Is it kolleezje fan miening dat ynwenners en oare rekreanten – benammen bûten de offisjele swimplakken – yn begjinsel in eigen ferantwurdlikheid hawwe en de mooglikheid hawwe moatte om sels de risiko's yn te skatten? <p>Neffens it artikel yn Trouw mei it swimmen op net-offisjele swimlokaasjes net <i>'gedoogd of gefaciliteerd'</i> wurde troch de oerheden. Dat soe yn striid wêze mei de Europeeske Swimwetterrjochtlíne.⁴ Dy rjochtlíne is fan tapassing op <i>'alle oerflakwetter wêr't, nei ferwachting fan de foechhawwende autoriteit, in grut tal minsken swimme sil, en wêr't swimmen net permanint ferbean is of wêrfoar't gjin permanint negatyf swimadvys bestiet.'</i></p> <ol style="list-style-type: none">3. Is it kolleezje it mei de FNP Steatefraksje iens dat út de bepaling folget dat de rjochtlíne net fan tapassing is op it grutste part fan it Fryske swimwetter, wêr't ommers net in grut tal minsken swimme?4. Wol it kolleezje der yn oparbeidzjen mei de oare oerheden foar soargje dat swimmers ek yn de takomst bûten de offisjele swimplakken swimmen bliuwe kinne?

Yntsjinner(s)	FNP, Wopke Veenstra
---------------	---------------------

Datum	16 augustus 2022
-------	------------------

¹ Leeuwarder Courant, 'Opinie: Jaag de zwemmer niet uit het water met boetes' en 'Slecht water, toch lekker zwemmen', 15 augustus 2022;

² Trouw, 'Overheden gaan wildzwemmen in open water indammen', 10 augustus 2022, sjoch ek: Binnenlands Bestuur, 'Overheden gaan wildzwemmen reguleren', 11 augustus 2022; Omrop Fryslân, 'Wurkgroep wyldswimmen opset, mar advys bliuwt: Swim op oanwiisde lokaasjes', 13 augustus 2022;

³ [Feilich, foldwaande en skjin wetter | Fryslan](#)

⁴ Rjochtlíne 2006/7/EG, 'Zwemwaterrichtlijn', ymplementearre yn de Wet hygiëne en veiligheid badinrichtingen en zwemgelegenheden.